


DE TILLE

Moanneblêd fan it Frysk Selskip
"FRYSK EN FRIJ" te Hilversum



Port betaald
Port payé
Baam

ôfstj.
A.R. Koopmans-Nieuwland
Lindenheuvel 14
1217 JX Hilversum

DE TILLE

Jiergong 2019-2020
maart 2020 nû 5
Foarjiersmoanne

Fan de foarsitter,

Spitigernôch moat ik jimme meidiele dat ús kritejûn op **freed 27 maart o.s.** net trochgean kin.

Dit mei it each op de ûnwisse tastân omtrint it corona-firus.

As bestjoer ha wy miend dat it net ferantwurde is om ús (meast 70+) leden risiko rinne te litten.

Yn oerlis mei fertsjintwurdigers fan "Nieuw Kerkelanden" en mei Grytsje Kingma is besletten ús kritejûn te ferskownen nei

freed 9 oktober 2020

Fansels komt der in pear wike foar dy tiid in "Tille" nei jimme ta mei alle bysûnderheden.

Wy winskje jimme in moaie sûne simmer ta en wa wit oant sjen yn de earstkommende moannen.

Mei freonlike groetnis út namme fan it bestjoer fan "Frysk en Frij",

Jan Kooistra

Tel. 035-6218626

Mob. 06-53448772

E-mail: gurbe@xmsnet.nl



it bestjoer
noeget jimme út op

Freed 9 oktober 2020

~~Freed 27 maart 2020~~



yn de grutte seal
fan
"Nieuw Kerkelanden"
Franciscusweg 137
1216 SB Hilversum

BEGJIN 20:00 OERE

Foar in optreden by ús yn Hilversum komt dan

Grytsje Kingma sjongeres en lietskriuwster

De Fryske taal leit har nei oan it hert en de rykdom fan it Frysk bringt se yn har teksten en suvere sang ta utering. *Fryske folksmuzyk dy't it hert rekket!*

Koartsein: allegearre yngrediïnten foar in noflike en muzikale Fryske jûn.

Sjongeres Grytsje Kingma skriuwt en sjongt har eigen Fryske lieten en treedt dermei op yn Fryslân en somtiden dêrbûten. Se begeliedt har sang meastentiids op gitaar of brûkt begeliedingsbannen (mei piano, gitaar, fioele en fluiten). Soms nostalgysk, faak gefoelich, bytiden mei werkenning of in knypeach. Inkeld brûkt se ris lietteksten fan oaren, of besteande meldijen.

Fansels steane ús diskjes mei Fryske boeken en iterij dizze jûn ek wer klear.

Wolle jo wis wêze dat der noch iterij foar jo te keap is, skilje dan even
nei nûmer 035-6218626

Tagongspriis: Leden € 10,00
Net-leden € 15,00

Special adres voor: Gerilde Omjekoeken

DE HAAN'S

BAKKERIJ

HOOGENDE 15 SNEEK TEL. (0515) 41 34 87

*De verste Bakker
in Sneek en
Zij dichtbij.*

FRYSK EN FARSK
YN 'E PROVINSJE
EN ENS
TROCH IT HELE LAN
JO BINNE TE PLAK BÏJ

DE HAAN'S BAKKERIJ
YN SNIJTS
HEECHTEN 15
FUORT BY DE
WETTERPOARTE